

Nummer: 035 LV  
Datum: 26 maart 2024

## Subsidie om te experimenteren met afbouw gewasbeschermingsmiddelen

**Boeren en loonwerkers kunnen experimenteren met het afbouwen van het gebruik van gewasbeschermingsmiddelen en daarvoor subsidie aanvragen. De provincie Fryslân stelt daarvoor in totaal €60.000,- beschikbaar. De subsidieregeling is onderdeel van een groter programma. Daarmee wil de provincie een beweging op gang brengen om het gebruik van middelen voor het bestrijden van onkruid, insecten, schimmels, ziektes en plagen in Fryslân af te bouwen.**

De subsidieregeling is bedoeld om op kleine schaal te experimenteren met minder of geen gebruik van (chemische) middelen om gewassen - bijvoorbeeld aardappelen of tulpen - te beschermen. En dat op basis van de principes van *geïntegreerde gewasbescherming*: waarbij er zoveel mogelijk gebruik wordt gemaakt van preventieve of niet-chemische maatregelen, en zo weinig mogelijk van chemische middelen.

Van 4 april tot en met 25 april 2024 kan de subsidie worden aangevraagd bij de provincie via [www.fryslan.fr/subsidie-experimenten](http://www.fryslan.fr/subsidie-experimenten). Aanvragen worden behandeld op volgorde van binnenkomst. Per aanvraag is er maximaal €10.000,- beschikbaar.

### Breed programma

De komende jaren werkt de provincie aan het stimuleren van het afbouwen van gebruik van bestrijdings- en beschermingsmiddelen. De basis is een [initiatiefvoorstel van Provinciale Staten](#). Gedeputeerde Friso Douwstra: *“It is wichtich dat eltsenien yn Fryslân omtinken hat foar dit tema. Dat betsjut ek dat wy dy beweging nei ôfbouwen fan it gebrûk yn hiel Fryslân oantrúnje sille. It giet dan bygelyks om in bewustwurdingskampanje foar de húshâldens, mar ek in ûndersyk nei it gebrûk fan middels by de bedriuwen.”*

### Gezonde leefomgeving

Bestrijdings- en beschermingsmiddelen komen op veel verschillende plekken voor. Denk aan middelen tegen algen-aangroei om hout of ander materiaal te beschermen. Maar ook desinfectiemiddel, anti-wormen en -vlooiemiddel voor huisdieren of gif tegen muizen en ratten. Het gaat om stoffen die vaak wettelijk gezien wel toegestaan zijn, maar door te veel of verkeerd gebruik schadelijk kunnen zijn voor planten, dieren en mensen. Via (regen)water, lucht of de bodem komen ze in het milieu terecht.

Nûmer: 035 LV  
Datum: 26 maart 2024

## Subsydzje om te eksperimintearjen mei ôfbou gewaaksbeskermingsmiddels

Boeren en leanwurkers kinne eksperimintearje mei it ôfbouwen fan it gebrûk fan gewaaksbeskermingsmiddels en dêrfoar subsydzje oanfreegje. De provinsje Fryslân stelt dêrfoar yn totaal €60.000,- beskikber. De subsydzjeregeling is ûnderdiel fan in grutter programma. Dêrmei wol de provinsje in beweging op gong bringe om it brûken fan middels foar it bestriden fan tûch, ynsekten, skimmels, sykten en pleagen yn Fryslân ôf te bouwen.

De subsydzjeregeling is bedoeld om op lytse skaal te eksperimintearjen mei minder of gjin gebrûk fan (gemyske) middels om gewaaksen - bygelyks ierappels of tulpen - te beskermjen. En dat op basis fan de prinsipes fan yntegrearre gewaaksbeskerming: wêrby't safolle mooglik gebrûk makke wurdt fan preventive of net-gemyske maatregels, en sa min mooglik fan gemyske middels.

Fan 4 april oant en mei 25 april 2024 kin de subsydzje oanfrege wurde by de provinsje fia [www.fryslan.fr/subsidie-experimenmenten](http://www.fryslan.fr/subsidie-experimenmenten). Oanfragen wurde behannele op folchoarder fan binnenkomst. Per oanfraach is der maksimaal €10.000,- beskikber.

### Breed programma

De kommende jierren wurket de provinsje oan it stimulearjen fan it ôfbouwen fan gebrûk fan bestridings- en beskermingsmiddels. De basis is in [inisjatyffoarstel fan Provinsjale Steaten](#). Deputearre Friso Douwstra: *“It is wichtich dat eltsenien yn Fryslân omtinken hat foar dit tema. Dat betsjut ek dat wy dy beweging nei ôfbouwen fan it gebrûk yn hiel Fryslân oantrúnje sille. It giet dan bygelyks om in bewustwurdingskampanje foar de húshâldens, mar ek in ûndersyk nei it gebrûk fan middels by de bedriuwen.”*

### Sûne leefomjouwing

Bestridings- en beskermingsmiddels komme op tal fan plakken foar. Tink oan middels foar algeoangroei om hout of oar materiaal te beskermjen. Mar ek desynfeksjemiddel, anty-wjirmen en -flieëmiddel foar húsdieren of gif tsjin mûzen en rotten. It giet om stoffen dy't faak wetlik sjoen wol tastien binne, mar troch te folle of ferkeard gebrûk skealik wêze kinne foar planten, bisten en minsken. Fia (rein)wetter, loft of de boaiem komme se yn it miljeu telâne.